

# De Twilling ûnderweis nei 2015

(Ûntwerp) Beliedsplan Toppenhuzen -  
Twellegea  
mei omkriten



## Ynhâldsopjefte

1	Ynlieding/Inleiding .....	3
2	De Twilling ûnderweis nei 2015.....	4
3	Wêr komme jo wei en fan wa binne jo ien?.....	5
4	Wêr wolle wy as bestjoer hinne? .....	8
5	It sosjaal barren .....	10
5.1	<i>Ynstek fan it bestjoer</i> .....	10
5.2	<i>Wolwêzen</i> .....	10
5.3	<i>Oare sosjale aktiviteiten en sport</i> .....	10
5.4	<i>Kultuer</i> .....	11
6	Romtlike Ynrjochting .....	12
6.1	<i>Ynstek fan it bestjoer</i> .....	12
6.2	<i>Lânskip en Doarp</i> .....	12
6.3	<i>Wenfoarsjennings en wentebou</i> .....	13
6.4	<i>Ferkear</i> .....	13
6.5	<i>Bedriuwen en yndustry</i> .....	13
6.6	<i>Rekreaasje</i> .....	14
7	Aksjeprogramma.....	16

## Taheake

1. Ynventarisasje 1998
2. List útfierde aksjes "Beliedsplan 1998"
3. List rinnende saken hjoeddeisk bestjoer

## Kolofon

Feriening Doarpsbelang Toppenhuzen en Twellegea  
p/a Pyt Bouwhuis, sekretaris  
Noardein 18a  
8625 TJ Toppenhuzen  
till: 0515-559681  
e-post: [pyt.bouwhuis@uwnet.nl](mailto:pyt.bouwhuis@uwnet.nl)

Beliedsplan 2015  
April 2003

# 1 Gearfetting/Samenvatting

## Ynlieding

Foar jo leit it Frysktalich beliedsplan fan de "Feriening doarpsbelang Toppenhuzen-Twellegea". De feriening doarpsbelang hat dit plan gearstald om yntiids en doelmjittich ynspylje te kinnen op de aktualiteit. It is wichtich in dokumint foarhannen te hawwen wêrút blykt wat ús fisy nei de takomst is. It doel fan doarpsbelang is ommers "opkomme foar de belangen fan it doarp en har ynwenners".

De feriening makket him sterk om de kwaliteit fan de doarpen te ferbetterjen. Yn it sosjaal betsjut dat, dat wy besykje it doarpsgefoel te fersterkjen en troch stipe te jaan oan aktiviteiten foar bern, de jongerein en âlderen. Mar ek de ynrjochting fan de iepenbiere romten yn de doarpen wolle wy ferbetterd ha. Yn dit beliedsplan is de rjochting oanjown dy de doarpen gean soene moatte.

Yn it ôfslutende haadstik wurdt it aksjeprogramma foar de kommende jierren be-skreaun. Yn de bylage, de rinnende saken en de ôfhannele ûnderwerpen wêr doarpsbelang him mei dwaande holden hat.

Wolle jo mear witte? Nim dan kontakt op mei de foarsitter of sekretaris.

## *Inleiding*

*Voor u ligt het Friestalig beleidsplan van de "Vereniging dorpsbelang Oppenhuizen Uitwellingerga". De vereniging dorpsbelang heeft dit plan opgesteld om tijdig en doelmatig te kunnen inspelen op de actualiteit. Het is belangrijk een document voorhanden te hebben waaruit blijkt wat onze visie naar de toekomst is. Het doel van dorpsbelang is immers "opkomen voor de belangen van het dorp en haar inwoners".*

*De vereniging maakt zich sterk om de kwaliteit van de dorpen te verbeteren. In sociaal opzicht betekent dat, dat wij proberen het dorpsgevoel te versterken en door steun te geven aan activiteiten voor kinderen, jeugd, en ouderen. Maar ook de inrichting van de openbare ruimte in de dorpen willen we verbeterd hebben. In dit beleidsplan is de richting aangegeven die de dorpen zouden moeten gaan.*

*In het afsluitende hoofdstuk wordt het actieprogramma voor de komende jaren beschreven. In de bijlagen, de lopende zaken en de afgehandelde onderwerpen waar dorpsbelang zich mee bezig heeft gehouden.*

*Wilt u meer weten? Neem dan contact op met de voorzitter of secretaris.*

## 2 De Twilling ûnderweis nei 2015

### Oanlieding

It kealle swier mar lang om let is der yn é rin fan 2002 in nij bestjoer ynstallearre. Wy hawwe ús ôffrege wat ús plak yn 'e mienskip is en wat foar doelen wy ús stelle sille yn 'e kommende sittingsperioade. De basis fan "De Twilling Únderweis nei 2015" is yn 1998 gearstald. It wie in tige brede en djipgeande ynventarisasaasje mei wat der yn de beide doarpen libbe oan winsken. It is net nedich dat sa'n 5 jier letter dat wurk nochris werhelle wurdt, dêrfoar is it te koart lyn. Dêrom ha wy 't ien en 't oar tsjin it ljocht holden en ha wy in jûn harsenskrabbe oer de fraach: wat fine wy wichtich en wêr wolle wy hinne.

### Doel fan it Beliedsplan

It measte wat der yn dit beliedsplan stiet is rjochte nei de takomst en bedoeld om nije ûntwikkelings mjitte te kinnen. It bestjoer fan doarpsbelang kin oan de hân fan dit plan it belang ôfwage hoe 't se har opstelle moat. Wol Toppenhuzen en Twellegea gryp hâldde op de takomst dan sille se ynspylje moatte op de aktualiteit. Soks hat him yn 1997 al foardien doe't de gemeentebestjoeren in ûndersyk woene nei in oerslach haven yn de Súdpolder. Op grûn fan it ûntwerpbeliedsplan hat it bestjoer him doe fûl fersetten tsjin sa'n ûndersyk. It die bliken dat de riedsleden fan Wymbritseradiel gevoelich wiene foar de arguminten fan doarpsbelang.

Belied meitsje dat droegen wurdt troch "DE TWILLING" dêr kin de polityk net omhinne.

### Blêdwizer

- haadstik 2: In beskriuwing fan de kultuer, de skiednis en it ûntstean fan de doarpen.
- haadstik 3: Wat is de funksje fan in doarpsbelang, en hoe folle wy dat yn?
- haadstik 4: Hoe is de romtlike kwaliteit fan de doarpen te ferbetterjen?
- haadstik 5: Hoe kin de sosjale kwaliteit fan it wenjen yn in doarp ferbettere wurde?
- haadstik 6: Wat dogge wy konkreet?; it aksjeprogramma foar de kommende tiid.

### 3 Wêr komme jo wei en fan wa binne jo ien?

It skynt in eigenaardichheit te wêzen fan Friezen om elkoar dizze twa fragen te stellen as se elkoar foar it earst kennen leare. Wa't rjochting jaan wol oan syn takomst kin ek net om dizze twa fragen hinne. Om te begripen wat der libbet yn it twillingdoarp Top & Twel en wat de minsken dêr beweecht moat in karakteristyk kenne fan de doarpen. Lokkigerwize is der al hiel wat skreaun oer Top & Twel en kin der hjir ferwiisd wurde nei in tal boeken foar wa't neier yn de kunde komme wol mei de doarpen<sup>1</sup>. Dochs kinne hjir in tal karakteristiken foar in goed begryp fan de rest fan it ferhaal net efterwege litten wurde.

#### Streekdoarpen

Noch fier foar de tiid dat hjir minsken wennen streamde in rivierke fan de hege feanen fan wat no Boarnsweach is nei de Middelsee. Dat âlde streamke hiet yn de folksmûle de "Aldfeart".

Oars as op 'e klaei, dêr't de huzen krekt op in protsje by elkoar op in terp steane, binne Top & Twel streekdoarpen. Earst boud by it Ges lâns, letter ek by de dwerssleatten en fearten sa as bg. oan de Leyefeart wêr't de Smitsdaam ûntstien is. Faaks sille de earste huzen wol in ein út elkoar lein ha, mar doe't der letter mear ferlet wie fan huzen binne de lege plakken opfolle. Allinnich om de beide tsjerken hinne stiene de huzen wat tichter op elkoar.

#### Wetterdoarpen

Oant yn de santiger jierren spile it wetter foar de bewenners fan de doarpen in wichtige rol. Sels doe waarden der noch kij mei de boat ferweide. Wa't him realisearret dat oan de oarloch ta, der allinne noch mar in tramferbining wie tusken Top & Twel en De Jouwer sjocht dat der nochal wat feroare is. Krekt yn 1886 krigen de doarpen har earste "grindweg" en dy hâlde yn it begjin ek noch by de Skou op. Sa drok sil it doe op dy earste wei net west ha. De Streeksters wiene wend oan it wetter. Hynders, kij, hea, begraffenis en feesterijen, it spile him allegearre op it wetter ôf. Skouwen, preammen en skûtsjes fan allerhande makelij befearen de fearten en sleatten.

By't winter koene jo mei sterk iis alle kanten op. Foar sa fier de tsjerke it ta liet wiene der in protte riders dy't prizen wûnen.

Net altyd wie it wetter sa noflik. De ferhalen oer oerstreamings binne talryk. It fee hat wolris op it tsjerkhôf stien omdat alles der ûnderstrûpt wie. Doe yn'e sechtiger jierren it Hooglandgemaal yn Starum yn gebrûk kaam wiene ûnderstrûpte polders om Top & Twel hinne ferline tiid.

---

<sup>1</sup> a. O. Santema, Ta de skiednis fan Toppenhuzen en Twellegea 1939  
b. Sj. Wijbenga en J. de Jong, De Streek fan Toppenhuzen en Twellingea bylâns, 1984  
c. J. van der Bij, Patoars, dûmny's en tsjerkefolk yn Top & Twel, 1993  
d. Doarpsbelang, Mei groetnis fan de twilling, 1994  
e. Doarpsbelang, Oarlochsferhalen út Toppenhuzen en Twellegea, 1995

## Boeren, fiskers, skippers en winkellju.

Ieuwenlang binne de minsken yn de beide doarpen oan 'e kost kommen as boer, fisker, skipper arbeider of winkelman. No soene wy sizze: lytsskalige bedriuwigheid. It tal lytse komelkers wie grut. Spultsjes mei fiif of seis kij en der wat by arbeidzje kamen lang foar. Wa't troch de Streek fytst sjocht inkeld **noch in heaberch** stean, meast sa deun op it wetter dat jo fan it skuorre yn de skou stappe kinne. Sokke bielden moatte hoeden wurde.

It tal fiskers, skippers en skûtmakkers wie grut. Wa 't gjin ferlet hie fan boerewurk koe wol wat oars en jo koene altyd noch in winkeltsje begjinne. Der hat in tiid west dat der sân bakkers yn it doarp wiene. It sil wol gjin fetpot west ha. Foar in grut tal ynwenners wie dat yn dizze ieu in reden om te emigrearjen. Foaral nei de twadde wrâldoarloch kaam de grutte trek nei de emigraasjelannen op gong. Allinne al yn it tydrek 1947-1960 binne likernôch 190 minsken út ús doarpen emigrearre. Der wurdt wol grute dat de helte fan de Top & Twelsters yn Amerika sit.

Troch de skaalfergrutting is it tal minsken dat syn brea hjoed de dei noch yn dizze beroppen fertsjinnnet desimearre. Dêrfoar yn it plak binne Top & Twel hoe langer hoe mear forinzedoarpen wurden. De measten fertsjinje har jild no bûten de doarpen.

Mar der is ek nije bedriuwigheid bykommen. Rûchwei **35** lytse bedriuwen ha har talein op de wettersportbedriuwen. Benammen de ferhier fan boaten en it ûnderhâld dêrfan jout in bulte nije bedriuwigheid. Guon ha har op hiele oare saken talein: beton of straalwurk, mar karakteristyk is de lytsskaligheid fan de bedriuwen yn de doarpen.

## Fakânsjedoarpen

Top & Twel lizze midden yn it Fryske wettersportgebiet. De Snitsermar leit mar in kertier farren fan de doarpen. Hoewol der in fiks tal minsken syn ynkommen út de wettersport hellet kin der net sein wurde dat Top & Twel echte fakânsjedoarpen binne. De measte minsken komme hjir om in boat te hieren en farre dan fuort. Top & Twel ha gjin tradysje foar de wettersporter om inkele nachten yn de doarpen foar de wâl te lizzen. Foar de wettersporter is der yn Top & Twel net folle te belibjen. Yn it ferline is der ferskillende kearen diskusjearre oer de omfang fan in kamping. De ynwenners fan Top & Twel binne bang foar oerlêst sa as yn doarpen as Heech en Langwar.

## Doarpen om yn te libjen

Top & Twel is altyd in hechte mienskip west. It tal ferienings wie en is grut, mear dan fyftich. De komst fan it multyfunksjonele sintrum "It Harspit", yn 1980, hat it doarps- en ferieningslibben goed dien. De ferienings koene mei dizze akkomodaasje grutter wurde en better bestean bliuwe. Foaral it tal sportferienings is mei sprongen omheech gien.

## Grûngebiet Top & Twel

Top & Twel leit oan de râne fan Wymbritseradiel. As de Streeksters nei har gemeente-hûs yn Drylts wolle dan moatte se troch Snits. It Snitser gemeentehûs is sadwaande tichter by as it eigen gemeentehûs. Dochs binne de Top & Twelsters der fûleindich op tsjin dat se in part fan Snits wurde soene. By de lêste gemeentlike weryndieling ha de ynwenners har mei sukses ferset tsjin de ynliving by Snits. De grûnhonger fan de Snitsers wurdt sunt dy tiid mei arguseagen folge.

Top & Twel binne plattelânsdoarpen mei in grut grûngebiet. Yn dit beliedsplan wurdt alles dat ta it eardere streamgebiet fan it Ges rekkene wurde kin beflapt ûnder Top & Twel. Wol wurdt Boarnsweach oan de pont ta der ûnder beflapt. Dit gebiet falt wol ûnder Skarsterlân, mar lânskiplik en histoarysk hat dit stik oan de oare kant fan de Hoarse altyd op Top & Twel oriëntearre west. De hjoeddeiskebewenners dêr fiele harren Top & Twellers en dogge foar it ferienings- en tsjerklik libben yn it Twillingdoarp mei.

<<TOP-kaart invoegen>>

## 4 Wêr wolle wy as bestjoer hinne?

### Funksje/posysje fan in doarpsbelang

De funksje fan doarpsbelang is oanjown yn de karbrief<sup>2</sup>:

- o *het bespreken van dorpsbelangen en het tot stand brengen of helpen bevorderen van voor de gemeente of de dorpen nuttige inrichtingen;*
- o *het richten van verzoeken aan autoriteiten, coöperatien en particulieren om de belangen van de gemeente of de dorpen en van hun inwoners te behartigen.*

Haadtaak is de kwaliteit fan it doarp te behâlden en te ferbetterjen. Dat hat te krijen mei de omjouwing bûten, mar ek it sosjaal barren wat in doarpseigen is. Dêrom binne de taken en aktiviteiten fan doarpsbelang ûnderferdielt yn:

- o saken dy de sosjale kwaliteit en ûnderlinge bining fan minsken stypje.
- o saken dy de romtlike kwaliteit fan it doarp ferbetterje (bûten de doar).

It bestjoer bestiet út:

- o Jan de Jong (foarsitter)
- o Pyt Bouwhuis (fice-foarsitter/sekretaris)
- o Geert Atsma, ponghâlder
- o Gosse Schriemer
- o Peta Kuperus
- o Henk Soeten
- o Johanna Lootsma
- o Janet Overhagen

### Ynstek bestjoer

It hjoeddeisk bestjoer sjocht it as har taak stjoerend, stimulearjend en motivearjend yn 'e mienskip te stean en de belangen fan de ynwenners by de oerheden te fertsjintwurdigjen.

By it útwurkjen fan dy ûnderwerpen ha wy de latte sa heech mooglik lein om doelen te beriken. Wy binne lykwols ek fan miening dat it lûken oan in dea hynder net safolle sin hat. Bygelyks, no it Prinses Margriet kanaal ferbrede en ferdjippe wurdt, sille alle brêgen mei de tiid sa'n 2,50 meter omheech moatte. Wy binne fan betinken dat it oansjen fan Twellegea der net better op wurdt, mar by sa'n beslút moatte wy ús dellizze. Wêr wy wol nei stribje is in sa moai mooglike ynpassing yn 'e omjouwing; hja kinne brêgen wol op 30 ferskate manieren meitsje. Fjierder is it sa dat wy gjin 'klachtenlijn' rjochting oerheden binne. Wol kinne wy minksen ferwize nei de juste ynstellingen en persoanen.

---

<sup>2</sup> oktober 1986

## Wat krije jim fan ús te hearen?

Wy hâlde de doarpen op 'e hichte troch stikjes yn it Top- en Doarpsnijs, fia ús hiemside [www.top-en-twel.nl](http://www.top-en-twel.nl), jiergearkomsten en sa mooglik troch bysûnder gearkomsten. Wolle jim mear witte oer in ûnderwerp, dan stiet it altyd frij om ien fan de bestjoersleden te skiljen. Tinke jim, dat is in nij ûnderwerp foar doarpsbelang! dan hearre wy dat ek graach.

Jierliks op de ledegearkomste sille de aksjepunten hifke wurde, wat is der berikt, wat noch net en wêrom net. Tagelyk kinne de leden nije aksjepunten oandrage en wurdt de mearjierrenplanning oanpast. Foar de útfiering kin it bestjoer fan doarpsbelang njonken de beide fêste wurkgroepen (RO en Wolwêzen) tydlike wurkgroepen ynstelle.

# 5 It sosjaal barren

## 5.1 Ynstek fan it bestjoer

Sa as yn it haadstik skiednis werjown is, is dit ûnderdiel yn beide doarpen goed organisearre. Lykwols geane de ûntwikkelingen op dit mêd fierder. Doarpsbelang wol konform har karbrief de sosjale aktiviteiten en it ferieningslibben sa folle mooglik stypje.

## 5.2 Wolwêzen

Wy besykje de kwaliteit fan de fersjennings op syn minst te behâlden en as it kin te fersterkjen. Dêrby tinke wy oan:

1. ien kear yn 'e wike sitting fan in húsdokter.
2. in jildautomaat op in sintraal plak.
3. oerdei mear ynryn yn "It Harspit".

### Mantelsoarch

"De Helpende Hân" is ûntstien út de needsaak om tydlik soarch te bieden oan minsken dy't thús fersoarging nedich hawwe. Der is in tendins geande dat de âlderein, yn 'e hjerst fan harren libben, minder faak ferfarre nei in fersoargingshûs. De wenning kin, as it nedich is, faaks op maat oanpast wurde. Dizze ûntwikkelings betsjut wol dat der mear in berop dien wurde sil op de thússoarch en faaks ek op de mantelsoarch. Wy ferwachtsje dêrom in aktivere rol foar "De Helpende Hân" en útwreiding sil foar de kommende jierren nedich wêze.

### Jongerein ûnderkommen

Nei it eardere bekende "Dophok" ûntstiene der trefpunten fan de jongerein yn karavans. De jongerein hat wilens de beskikking oer fjouwer karavans. Wy binne fan miening dat der in ferantwurdlikheid leit foar de feiligens yn dy karavans. Wy stelle ús as doel om yn oerlis mei de gebrûkers en de gemeente nei te gean yn hoefiere der sprake is fan in ûnfeilige sitewaasjes. Is dat it gefal dan wolle wy besykje it ien en oar te ferbetterjen.

## 5.3 Oare sosjale aktiviteiten en sport

Wy stypje de oprjochting fan spesifike sportferienings. Sa as it "jeu de boules" barren. It plak is tocht op it parkearterrein efter It Harspit. Ek oare inisjativen kinne op stipe rekkenje fan doarpsbelang. It kin gean om in finansjele bydrage, in mear fasilitearende rol rjochting gemeente, of technyske saken.

### 'Subsydzje' sosjale-/doarpsaktiviteiten

Dêrneist roppe wy elkenien op om aktiviteiten by doarpsbelang bekend te meitsjen. Wy wolle graach meitinke en de foar it doarp wichtige aksjes stypje. Sa ha wy it ôfrûne jier help jown oan:

- o de oprjochting fan de Jeu de Boules feriening.
- o in lizplak foar de "Stifting Top en Twelster Skûtsje".
- o de boattocht mei de âlderein.
- o de âldereinmiddei.

Fierder tinke yn dit ramt oan finansjele stipe foar:

- Top- en Doarpsnijs.
- aktiviteiten fan Top en Twel Aktyf (Sinterklaas, bernedisko, ensfh.)

It bestjoer stiet iepen foar mear ideeën en aksjes op dit mêd.

### Administrative gearwurking ferienigings

It 'runnen' fan in bestjoer is leafdewurk. Yn dit doarp binne in grut tal ferienings dy allegearre harren eigen kontribúsje ynbarre en de administraasje fersoargje moatte. Doarpsbelang is benijd of der op dit mêd ek behoefte is oan gearwurkjen. Lykas: ien sintrale ledeadministraasje, kombinearre mei it ynbarren fan de kontribúsje. Hjirby in oprop oan alle ferienings dy't hjir oan mei dwaan wolle. It is net sa dat doarpsbelang oanbied dizze saken op har te nimmen, mar it is mear bedoeld om partijen en persoanen byinoar te bringen.

## 5.4 Kultuer

### Net by Snits

Toppenhuzen en Twellegea meitsje diel út fan de plattelânsstruktuer yn de gemeente Wymbritseradiel. Wy binne fan betinken dat it behertigjen fan ús belangen better garandearre binne yn in plattelânsgemeente as ûnder de stêd Snits. Derom Toppenhuzen en Twellegea net by Snits!

### Frysk

Troch de hegere oerheden wurdt stipe jown om it Frysk sa folle mooglik te brûken. Wy fine ek dat we ús taal stypje moatte troch it sa folle mooglik út te drage. Nije ynweners, dy it Frysk (noch) net begipe, soene we temjitte komme kinne troch se de essinsje fan de publikaasjes dúdlik te meitsjen.

### De sylskou nûmer 21

It ferfier yn beide doarpen gie eartiids foar in grut part oer it wetter. De pream foar it gruttere, en de skou foar it lytsere wurk. Mei de skouen waarden ek sylwedstriden holden. De nûmer 21 fan Franke Atsma wie destiids ferneamd. As oantinken oan dy tiid soe de skou wer in plakje yn ús doarpen krije moatte. Wy stribje der nei dat de nûmer 21 wer yn ús fermidden werom komt.

## 6 Romtlike Ynrjochting

### 6.1 Ynstek fan it bestjoer

Yn ús fisy is de romtlike oardening in goed ynstrumint om de kwaliteit fan de doarpen of te behâlden of te fergrutsjen. Wy sille ús as doarpsbelang dan ek sterk meitsje om allinnich dy saken 'goed te keuren'. Wy litte ús dêrby net liene foar, of it útspylje troch, persoanlike saken. Ek binne wy gjin partij by it yntsjinjen fan beswieren of betinksten.

### 6.2 Lânskip en Doarp

#### Oansicht fan it doarp

De twilling leit besletten tusken de Snitsermar, Brekken, P.M. kanaal en de Broeresleat. It iepene karakter fan dit gebiet moat hoeden wurde. Fearten dy't eartiids gjin funksje mear hiene binne ôfdamme of tichtsmiten. Tsjintwurdich tinke we dêr toch wat nuan-searder oer. Oeral sjogge we dat de âlde fearten wer befarber makke wurde.

Oandachtspunten op dit mêd binne:

- o de mooglikheid neigean om eardere ûntslutingen wer in funksje te jaan
- o it gebiet ten westen fan de A7 iepen te hâlden
- o wynmolens hearre fanwege it sicht, it gelûd en de beweging net thús yn it bûtengebied
- o it Ges/Aldfeart – Súdeinsterfeart safolle mooglik yn âlde steat werom bringe
- o In oergong mei ferdrach – in buffer – hâlde tusken Snits en Toppenhuzen
- o lâns de Snitsermar en/of de Houkesleat gjin fierdere ûntwikkelingen of bebouwing (iepen hâlde)
- o de streekeigene gebouwen (sa as heabergen) dy 't kenmerkjen oan earder wurk en leef funksjes moatte hoeden wurde.

#### Doarpskearn Toppenhuzen

Toppenhuzen is in oantreklik streekdoarp. Toch miene wy dat de 'kearn' fan Toppenhuzen en 'de streek' stedeboekundich ferbettere wurde kin; in 'hert' jown wurde kin. De streek bestiet no út in trochgeande dyk mei bebouwing oan beide kanten. De Noardein wurd sjoen as in dea ein, it giet nearne hinne. Wy wolle de gemeente dêrom freegje ûndersyk te dwaan nei de mooglikheid om Toppenhuzen in better oansjen te jaan.

#### Lûdsoerlêst

De A7 en de Nije Dyk soargje foar lûdsoerlest. Yn oerlis mei Ryksweatereat en de gemeente is ús tasein dat by it folgende ûnderhald oan de Rykswei 7 ZOAB (in stille asfaltsoart) brûkt wurde sil. It split wat op de Nije Dyk brûkt is dat moat slite. Mear kinne wy as doarpsbelang hjir net oan dwaan.

### 6.3 Wenfoarsjennings en wentebou

De mooglikheid fan útwreiding binne tige beheind. De grinzen binne rûchwei:

- o yn 't noarden: de gelûdssône fan it yndustryterrein "Houkesleat" yn 'e gemeente Snits
- o yn it westen: de gelûdssône lâns de rykswei A7
- o yn it suden: it PM-kanaal
- o yn it easten: tsjin it plan de Grachten en iepen oan't de Snitsermar

Sa as al earder neamd is, binne de iepen plakken yn 'e lintbebouwing in essinsjeel part (ûnderdiel) fan it karakter fan it doarp en moat hoede wurde.

It is dêrom de fraach of it doarp wol op in grutte útwreiding sit te wachtsjen; en oft dat wol kin. As doarpsbelang liket it ús better ta om yn te spyljen op de behoeften. Neffens ús is der behoefte oan wenningen opmaat, saneamde "libbensrinwenningen" foar de jongerein en âlderen. Sadat de âlderen letter minder gau op in fersoargingshûs oanwiisd binne. Ek de bou fan in soarte hofke, wêr't âlderen help krije en fertroud selsstannich wenje kinne liket ús wol wat.

It moat sa regele wurde kinnen dat ynwenners fan 'e doarpen de earste kar hawwe yn it keapjen of hieren fan in wenning.

Spesifyk yn Top en Twel is de foarmjouwing fan de âldere bedriuwsgedebouwen. Dat wie in gefolch fan it gebrûk. Romte foar wenjen, inkelde kij en in heaberch oan it wetter. Wy wolle de ûntwerpen fan de wenningen dy't de lêste 25 jier boud binne net te koart dwaan mar dochs misse we faaks it streekeigene. Wy pleitsje der dan ek foar om mear streekeigene aspekten by nijbou en/of restauraasje ta utering komme te litten.

It bouwen (yn it bûtengebied) moat ôfstimd wurde op it lânskip. Te tinken falt oan:

- o de foarm fan de gebouwen.
- o de kleurjouwing.
- o de beplanting.

### 6.4 Ferkear

Yn de doarpen mei net hurder riden wurden as 30 km yn 'e oere. Lykwols kin der, en wurd der, op in protte plakken hurder riden. It grutste part fan de hurdriders binne eigen ynwenners. Wy pleitsje der foar om in kampagne te starten foar in better ferkearsgedrach yn it doarp. Hurdriders moatte jo oansprekke kinne op harren gedrach.

Oan de oare kant makket de omjouwing it ek mooglik. Dêrom moat it ferkear soms ek ôfremme wurde. De oanpassingen yn it ûntwerp fan de Buorren yn Twellegea jowt mear stal oan de (wen)ferbliuwfunksje as oan it autoferkear. Wy pleitsje foar in selfde soarte fan oanpak foar de Tsjerkebuorren en de Noardein yn Toppenhuzen. Om dit ek foar de Grutte Sudein mooglik te meitsjen soe it dêr earst ûnderbrocht wurde moatte ûnder it rezjym fan 'e beboude kom.

### 6.5 Bedriuwen en yndustry.

Bedriuwen yn de doarpen soargje foar wolfeart en leefberens. De lêste 50 jier hat der in folsleine omslach plak foun. It tal boeren, arbeiders, fiskers, skippers en winkellju is sterk werom rûn, wylst de measte doarpelingen har brea no earne yn de provinsje of sels dêr

bûten fertsjinje. Yn ús doarpen binne san 60 lytse en gruttere bedriuwen warber. De grutste ûndernimmings ha in relaasje mei de wettersport, mar ek binne der boubedriuwen, en is der in leanbedriuw. Dêr sil ek yn de takomst romte foar jown wurde moatte. Ek sil der romte foar de pear boeren, dy't der noch binne, bliuwe moatte.

Grutskalige yndustry past net yn it takomstig belied foar de doarpen Op de Brêgefinne is noch romte foar nije bedriuwen. De doarpen kieze foar lytsskalige, arbeidsyntensive bedriuwen.

Op it mêd fan romtlke oardening sjogge wy kânsen foar:

- útwreiding fan it bedriuwenterrein Brêgesleat mei lytsskalige bedriuwen.
- oandacht foar de Lyste Sudein mei, de ferskate bedriuwstakken (rekreaasje-, bou-leanbedriuwen en provinsjale wettersteat).

Foar startende ûndernimmers soe ûndersocht wurde moatte of der in mienskiplike loads set wurde kin dêr't se begjinne kinne soene. Dat kin de kosten drukke en men kin inoar stypje. Foar lytsskalige bedriuwen moat der alle war dien wurde in plakje te krijen yn de doarpen.

### Gearwurking ûndernimmers

De rekreaasje-ûndernimmers soene de hannen yn inoar slaan moatte om in mien-skiplike folder of boekje út te jaan oer Top & Twel, miskien yn de mande mei doarps-belang. De gearwurking tusken de ûndernimmers kin ferbettere wurde. Mienskiplike bedriuwsynformaasje is fan belang foar de fakânsjegongers.

## 6.6 Rekreaasje

Rekreaasje betsjut yn Top & Twel: wettersport. Om wettersporters wat mear oan de doarpen te binen moatte de fersjennings ferbettere wurde. De ynwenners tinke dêrby net oan "massatoerisme". Rêst sykjende wettersporters fiele neat foar "pretparken" en dêr moatte de doarpen har net op rjochtsje. Om oantreklik te wêzen foar dizze groep rekreanten sille in tal fan de fersjennings ferbettere wurde moatte:

- De oanlissteiger yn Toppenhuzen moat better berikber wurde.
- Oan de doarpskant fan it Ges yn de buert fan de Toppenhúster tsjerke moat in oanlisplak komme om te boadskipjen.
- De deitoerist is wichtich foar de lytsskalige rekreaasje en moat goed omtinken ha

### De skou

De skou yn Twellegea is tige geskikt foar it ûntwikkeljen fan in lytsskalich rekreaasje stipepunt. Wichtige ûnderdielen, sa as in toiletakkomodaasje, oanliz mooglikheden, en in hotel/restaurant oan 'e oare side fan it Ges binne der al. Utweiding mei in tankpunt foar wetter, benzine, dieseloaljje, en gas; in krantekiosk soe dit stipepunt fersterkje. De eigner/behearder fan de Geuzenhof soe dit fierder ûntwikkelje kinne, as oanfolling op it wettersport barren yn syn bedriuw.

## Douwesleat befarber meitsje

Bygelyks soe in part fan `e Douwesleat wer befarber makke wurde kinne foar boatsjes en kano's. Dit soe mooglik wêze troch in oansluting op it bedriuwenterrein it Ges en in brechje oan te lizzen yn `e Afkelânsdyk.

## Kuierpaden Douwesleat, Leyesleat

It belibjen fan de romte fan ús bûtengebied kin ferbettere wurde troch de oanlis fan kuierpaden:

- Iâns de Douwesleat, It Bedriuwenterrein it Ges, en oanslute op de Afkelânsdyk en de Eastwei
- Iâns de Broereslaeat en oanslute op `e Nije Dyk en de Leyepoel
- Oer de alde Trambaan, mei brechjes oer de Broeresleat, Leyesleat en de Horse en de úteinen yn Snits en Skarsterlân

De paden moatte sadanich ôfsluten wurde dat it fé gjin lest hat fan losrinnende hûnen (en minsken ☺).

## mini-campings

Foar rêst sykjende fakânsjegongers soe der lytsskalige kampearmoglikheden by de boeren komme kinne. In beheind tal trekkershutten hoecht net te misstean.

## 7 Aksjeprogramma

Sa binne der in protte saken oan de revu foarby gien. Troch it foarige bestjoer binne in oantal saken útfiert. Ek it hjoeddeistich bestjoer hat 't ôfrûne jier in tal saken oppakt. Beide listen binne taheake as bylage 2 en 3. Hjirûnder wurde de saken neamt dy't we as bestjoer fan doel binne nij op te pakken:

### Nije aksjeprogram

	Underwerp	Tiid	Aksje troch
1	De oanlis fan in algemien begraafplak yn it doarp		
2	Undersiik lokaasje takomstige wenningbou		doarpsbel/gemeente
3	Utwreiding yndustry Brêgefinne		doarpsbel/gemeente
4	Mear oandacht foar Frysk (en hollânske oersettingen) yn Top en Dorpsnieuws/Tsjerkefinster		
5	Doarpsfernijing Toppenhuzen		
6	Fyts- en kuierpaden		
7	Gelûdsoerlest A7/Nije Dyk		
8	Brêgen oer it Ges		
9	Ienpersoanshuzen		
10	Douwesleat befarber meitsje		
11	Skou nûmer 21 werom		
12	Feiligens ûnderkommen jongerein/karavans		
13	Ferbetterje kearn en streek Toppenhuzen		
14	Oanliz kuierpaden lâns Broeresleat, Douwesleat en de âlde Trambaan		

<<dizze list oanfolle en yndiele nei RO/Wolwezen, en de brûkte ûnderferdieling>>

## Bylage 1. Ynventarisaasje.

<i>- grutter/better verenigingslibben</i>		<i>- better oansjen en mooier doarp</i>		<i>zakeljker</i>	
<i>- grutter mienskipsgefoel</i>		<i>- alg. gruttere leefbaarhyd</i>		<i>professioneler</i>	
<i>6 p.</i>	<i>- wolwezen (C)</i>	<i>14 p.</i>	<i>- Romtlike Oardening (F)</i>	<i>better positionere t.o.v. gemeente en doarplingen</i>	
<i>16 p.</i>	<i>- foarsjennings (E)</i>	<i>13 p.</i>	<i>- Lanskip en Doarp (G)</i>	<i>wat doche we wol en wat doche we net (en werom)</i>	
<i>8 p.</i>	<i>- kultuer (H)</i>	<i>8 p.</i>	<i>- Recreaasjemogelijkheden (D)</i>	<i>visie op belangrikste saken: belied meitsje</i>	
<i>16 p.</i>	<i>- bedriuwen &amp; bedriuwigheid (A)</i>	<i>10 p.</i>	<i>- Husfesting (B)</i>	<i>kenbaar meitsje wat we doche, en wat we besluten</i>	
				<i>hawwe</i>	
<i>Sociale functioneren doarp(titel I)</i>		<i>Moaie leefbare doarpen (titel II)</i>		<i>Functioneren DOARPSBELANG (I)</i>	
E	Kwaliteit besteande foarsjennings beheare en ferbetterje. (bank, doarpshûs, konsultaasjeburo, winkels en postagintskip)	9 F	Bedriuwen dy't te grut wurde foar it doarp, mooglikheid jaan ta ferpleatsing nei Brêgefinne	14 I	periodiek yn Top&Dorpsnijs
H	Twillingdoarp bliuwe; Selsstannich!!! Net by Snits	8 F	Opknappe doarpskearn Toppenhuzen (ûnderhald - Fuotpaad.)	8 I	internet
A	Kwaliteit fan de (ferskate) bedriuwigheids yn it doarp	4 G	Hoarizon-fermoarging tsjingingean	6 I	ierfergadering
H	Mear Frysk yn Top en Dorpsnieuws (watalig?)	4 B	Betelbere, frije sektorwenningen foar eigen bewenners	5 I	financien
C	Mantelsoarch, doarp soasjaal leefber hâlde	3 B	Apparteminten foar jongeren, om sa wenningen beskikber te krijen foar gesinnen	5 I	lissjild boaten
D	Gearwurking rekreasje-ûndernimmers, (byg. meielkoar in folder of boekje útjaan.)	3 B	ûndersyk wenningboubehoefte + lokaasjes	4 I	contributie
C	lepen doarpshûs (Nifelromte, biljert, kofjebar.)	2 B/F	Fytspaden by it wetter lâns ( Douwesleat, Broeresleat...) foar eigen doarpsminsken	3 I	contacten gemeente, etc
E	Jildautomaat op sintraal plak	2 D	internet via schotel	3 I	riedstikken
C	Gjin massale jeugd(zeil-)accommodatie ala Heeg	1 E	Kearn Twellegea beskerme doarpsgesicht	3 I	Stichting bestuur It Harspit
E	Rommere lepeningstiden winkels (?)	1 G	Ges yn âlde steat (sleatskant en bebouwing.)	3 I	Statuten/Karbrief
C	Oudejaarsfeest It Dophok	Geert G	Behâld monuminten. (û.o. lânhaden tram.)	3	
C	Pinautomaten?	Henk G	De oanlis fan in algemien begraaftplak	2	
C	aanvraag Jeux de Boules baan	Jan A	Kuierpaad oer trambaan. (Alde lânhaden brûke.)	2	
C	Sport	Peta D	Ferkearsfeiligens fergrutsje (ferljochting, 30 km.)	2	
C	Alderein (uitje, soos)	Peta F	Lintbebouwing sa folle mooglik hanthavenje	1	
C	Helpende Hân	Peta F	Afkeppolder en oar bûtegebiet iepen hâlde!!(widsheid karakteristyk.)	1	

Bylage 2. Aksjes dy't útfiert binne of yn gong setten binne.